

Liturgy foar de 10^e snein fan 'e simmer

**yn de Sint Jan fan Deinum
23 augustus 2026**



Verzamelwoede.....

*Poëzie verandert de wereld, zowel wat was
als wat komen gaat.
Zoek daarom niet naar de feiten, maar naar
de waarheid.*

(Jon Kalman Stefansson)

Foargonger: ds.Harrie Strubbe; Oargelist: Lucas Wiersema; Lektor: Jelle Bangma

-Oargelmusyk

-Wurd fan wolkom en meidielings

-Begjinliet: ‘ Zoek de stilte.....’ (Liefste lied overzee 2, 65)

1 .Zoek de stilte, vind de ruimte
in ons oervol bestaan,
waar de hoop een plaats kan vinden,
wij bevrijd naar binnen gaan:
wis de chaos en de wirwar,
wis de ogen, om te zien
wat van waarde is en kostbaar,
wat tot onze vrede dient.

2. Stilte vraagt om ons vertrouwen,
koelt de hitte, remt de tred.
God, de stilte die ons aanspreekt,
kent ons wezen, raakt de kern.
Hij scheidt ruimte in ons denken,
schaduw die de zon laat zien,
schenkt ons moed waar wij te klein zijn,
geeft geloven doel en zin.

3. Laten wij in zijn Geest opgaan,
open voor elkaars verdriet,
angsten uit ons leven bannen,
want de ruimte mag gevierd:
ruimte voor de diepste dromen,
ruimte voor zorgvuldigheid.
Ruimte die wij kunnen delen,
ruimte waar de Geest geleidt!

-F. : De Hear wês mei jim!

-Gem.: Syn frede wês mei dy!

-F. : Us helper is de Ivige

-Gem.: dy't himel en ierde makke hat.

-F. : Yn jo ljocht sjogge wy elkoar

-Gem.: minksen fan jo wolbehagen.

-F. : Kom ús temjitte mei jo genede

-Gem.: en gean mei ús op wei. Amen

-Hertslach 42: “Yn dit hûs mei hannen boud....”

1. Yn dit hûs mei hannen boud,
kâlde stien dy;t waarmte jout,
falt in ljochtstriel troch de glêzen
oer de wurden dy't wy lêze.

2. Neffens iuwenâld gebrûk
ha wy earen nei it boek
dat ús iepent, net behaget,
en dêr 't sprekend ljocht yn daget.

3. Troch de taal yn bylden skreaun
wurde wy ta klearheid dreaun;
yn it grau fan it besteande
hâldt in oare foet ús geande.

4. Yn dit hûs út hertslach boud,
weefsel dat besieling jout,
baarnt it âlde fjoer noch hillich,
ta in nije geast reewillich.

-Kyriegebed mei liet 301k

/ Ky - ri - e e - lei - son. // Ky - ri - e e - lei - son.
 / Chri - ste e - lei - son. // Chri - ste e - lei - son.
 / Ky - ri - e e - lei - son. // Ky - ri - e e - lei - son.

-Gloria: Psalm 107: 1 en 4

1 Lit no de lofsang klinke:
wat is de Heare goed!
Ja, God woe om ús tinke
en hat ferlossing stjoerd.
Dat is it lokkich liet
fan wa't út fiere lannen
befrijd op hûs oan giet,
ûntslein fan boei en bannen.

4 No bringe wy de Heare
om syn goedgeunstichheid
oanbidding, tank en eare:
ús God docht wat Er seit.
Wa't mei syn hiele hert
Him oanropt om genede,
dy wurdt yn frijheid set,
dy kroant Hy mei syn frede.

-Sneinsgebed

-De verzamelaar (inleiding)

- Preker 1: 1-18 (*lektor*)

¹De wurden fan 'e Preker, soan fan David, kening te Jeruzalem.

²Neat mei neat, seit de Preker, neat mei neat, it is allegearre neat. ³Wat hâldt in minske oer fan al syn skreppen en skuorren ûnder de sinne? ⁴It iene geslacht giet en it oare komt en de ierde bliuwt altyd mar stean. ⁵De sinne komt op en de sinne giet ûnder en hymjend giet er nei it plak dêr't er wer opkomt.

⁶De wyn is súd en draait nei noard, hy draait en hy giet yn it rûn en draaiende wei blaast er werom. ⁷Alle beken streame nei de see, mar de see rekket nea net fol; nei it plak dêr't de beken hinne streame, dêr streame se altyd werhinne. ⁸Alle dingen meitsje sa wurch, gjinien kin se allegear neame. It each rekket net útsjoen en it ear net útharke. ⁹Wat der wie, it sil der wer wêze, wat dien is, wurdt altyd wer dien; ûnder de sinne is neat gjin nijs. ¹⁰Seit ien fan in ding: Sjoch, wat nijs!— it wie der al lang yn 'e tiden dy't fier foar ús west ha. ¹¹Oan 'e minsken fan eartiids wurdt net mear tocht, ek oan 'e minsken, dy't neitiid komme, sil net mear tocht wurde troch de lju dy't der letter wer binne.

Underfining mei de wysheid

¹²Ik, de Preker, wie kening oer Israel te Jeruzalem. ¹³Ik lei my derop út om te ûndersykjen en mei wysheid nei te gean wat der allegearre bart ûnder de himel. It is in slim moedsum wurk, dat God jûn hat oan 'e minskebern om har dêrmei te pinigjen. ¹⁴Ik seach wat der allegearre ûnder de sinne dien waard en sjoch, it is allegearre neat en jacht meitsjen op 'e wyn. ¹⁵Wat krom is, kin net rjocht wurde, en wat der net is, kin net meiteld wurde.

¹⁶Ik tocht by mysels:

Sjoch, ik haw wysheid fûn, mear en riker as elk dy't foar my te Jeruzalem regearre hat en myn hert hat gâns wysheid en wittenskip opdien. ¹⁷Doe't ik my derop útlei wysheid en wittenskip, dwaasheid en ûnferstân kennen te learen, doe bin ik gewaar wurden: dat is ek jacht meitsjen op 'e wyn.

¹⁸Dêr't gâns wysheid is, is gâns fertriet en hoemear wittenskip, hoe mear leed.

-Liet 720: 1, 2 en 3

1 Allinne libje om te skreppen,
al stinnende de moarntiid yn,
dy hillige driuw om jin te reppen,
it is as jacht meitsje op 'e wyn.

2 Allinne libje om te witten,
wylst nimmen oait it antwurd fynt,
Gods dieden binn' net nei te mjitten,
ek dat is jacht meitsje op 'e wyn.

3 Allinne libje om te tellen:

dit haw ik wûn, dit helje ik yn,
mar neat kin jin tefreden stelle,
it is as jacht meitsje op 'e wyn.

'Wat staat ons allen te wachten behalve de dood?

Want het enige wat we weten is dat de Heer ons uiteindelijk wegroept, zowel dominees als bisschoppen, zwervers als koningen, en dan is het te laat om het goede te doen in het leven, dan is het te laat te proberen een fatsoenlijk mens te worden, dan is het te laat om zo te leven dat er een reden lijkt te zijn dat men ons zal missen. (Jon Kalman Stefansson)

-Liet 720: 4 en 5

4 Allinne libje om te dragen,

sa oars as 't bern fan lang ferlyn,
dysels oerfreegje alle dagen,
ek dat is jacht meitsje op 'e wyn.

5 Genietsje no en net pas letter.

Gjin mins wit wat er letter fynt;
smyt dus dyn brea út op it wetter
en sjoch net altyd nei de wyn.

-Dit is geen nabrander

-Preker 11: 1-2, 6-10 en 12: 9-14 (*lektor*)

¹Stjoer dyn brea it wetter mar op, want nei ferskate dagen fynst it wol wer.

²Ferdiel dyn besit yn sân, acht parten, want do witst net, wat ûnheil oer de ierde komme kin.

⁶Siedzje dyn sied mar yn 'e moarntiid en gun dyn hân gjin rêst oant de jûntiid, want do witst net oft it iene wurk slagget of it oare, of dat beide likegoed útfalle. ⁷Swiet is it ljocht en in wille foar de eagen is it om de sinne te sjen.

⁸As in minske dus gâns jierren libbet, lit him dan altyd bliid mei it libben wêze, mar lit him ek tinke oan 'e tsjustere tiid, dy't lang duorje sil: Al wat dan komt is neaticheid. Tink oan 'e Skepper yn 'e jonge jierren ⁹Haw wille, jongfeint, yn 'e jonge jierren, lit dyn hert yn 'e feintetiid fleurich wêze, gean de wei dy't dyn hert begeart en dêr't dyn eagen nei sjogge, mar wit dat God fan al dy dingen dy rekkenskip freegje sil. ¹⁰Kear dus it fertriet bûten dyn herten hâld de kwalen bûten dyn lichem, want de jonkheid en de libbensmoarn binne neaticheid.

Preker 12 : 9 - 14

⁹De Preker wie net allinnich sels wiis, hy hat it folk ek wysheid brocht;
hy naam de dingen yn berie en ûndersocht se en hy stelde gâns spreuken op.
¹⁰De Preker socht nei wurden, dy't deryn falle, hy skreau rjocht op 'e man ôf
en wier. ¹¹De wurden fan 'e wizen binne puntich, se lykje op rigen djip yn-
sleine spikers, se binne ynjûn troch ien-en-deselde Hoeder.
¹²By einsluten, myn soan, lit dy warskôgje: Der komt gjin ein oan it skriuwen
fan in heap boeken en gâns stúdzje makket de lea wurch. ¹³Fan al wat der te
hearren wie, is dit it einbeslút: Haw ûntsach foar God en nim syn geboaden
yn acht, dat past alle minsken. ¹⁴Want God sil al ús dwaan yn it oardiel bringe,
al wat ferburgen is, it goede likefolle as it kweade.

-Verzamelwoede?

-Oargelmusyk

-Liet 807: 1, 3 en 6

1 In minske wêze op ierde
docht sûnt de berte altyd sear,
de wei werom bestiet net mear.
In minske wêze op ierde
is libje fan 'e wyn.

6 Hoe sille wy folbringe
wat alle tiid ferduorje moat;
wa dy't hjir ivich libben hat?
Wy stean yn brân fan binnen
oant it foltôge is.

3 De foksen hawwe hoalen,
de minsken reizgje op 'e roes
en sykje aloan de wei nei hûs.
De foksen hawwe hoalen,
wa is foar ús de wei?

-Foarbearen en stil gebed, Onze Vader (369b)

On - ze Va - der in de he - mel,
 uw naam wor - de ge - hei - ligd,
 uw ko - nink - rijk ko - me.
 Uw wil ge - schie - de zo - als in de he - mel ook op aar - de.
 Geef ons he - den ons da - ge - lijks brood.
 En ver - geef ons on - ze schul - den,
 zo - als ook wij on - ze schul - de - naars ver - ge - ven.
 En leid ons niet in ver - zoe - king,
 maar ver - los ons van de bo - ze.
 Want van U is het ko - nink - rijk en de kracht en de
 heer - lijk - heid in eeu - wig - heid. A - men.

-Omtinken foar de kollekte

-Slotliet: liet 423

- | | |
|---|---|
| 1 No't wy wer fuortgean freegje wy God:
gean mei jo ljocht foar ús út! | 2 Foar al ús leafsten freegje wy God:
gean mei jo ljocht foar ús út! |
| No't wy wer fuortgean winskje ik dy: | En al ús freonen winskje wy frede: |
| Gean mei God! | Gean mei God! |
| Vaya con Dios en à Dieu! | Vaya con Dios en à Dieu! |

3 Foar alle minsken, ek ûnderweis:
frede en goeds yn elk hûs!
Foar har dy't kamen ûnder dit dak:
Gean mei God!
Vaya con Dios en à Dieu!

-Seine:

-F. : Yn ús hûs en yn ús hert
-Gem.: de seine fan God!
-F. : Yn ús kommen en yn ús gean
-Gem.: de frede fan God!
-F. : Yn ús slibben, op ús syktocht,
-Gem.: de leafde fan God!
-F. : Seinigje en behoedzje ús sa de Ivige,
Heit, Soan en hillige Geast.
-Gem. : Amen, amen, amen.

-Oargelmusyk

-Kofje



Viering 30-08-2026 om 11.00 uur in de Johannes de Dooperkerk te Hilaard. Regiodienst.
Voorganger: Ds. M. Dijkstra.

Banknummer kerk: Protestantse Gemeente Boksum-Blessum-Deinum
NL88RABO 0119 3579 41

***Banknummer Diaconie Terpoarte:** NL47RABO 0313 2001 81

Website: www.terpoarte.nl